

Datum	21-01-2016
steller	FNP fraksje
ûnderwerp	helberheidsûndersyk

De rie fan de gemeente Frjentsjerteradiel yn gearkomste byinoar op 21 jannewaris 2016:

Oerweagjende dat oangeande de trep en omgong fan de toer fan de Martinistjerke tagonklik te meitsjen foar it publiek dat:

- In feilige tagonklikheid fan de toer in goede stipe is foar de fordivedaasje yn de stêd. Frjentsjer is hjirmei in attraksje riker!
- De toer en tsjerke dan funksjoneel ferbûn wurde. De tsjerke lûkt no al sa'n 12.000 besikers yn 't jier;
- It in moaie oanfulling is op de besteande publykslûkers Planetarium, Martenahûs, âlde stedhûs en keatsmuseum;
- It ynkomsten generere kin;
- De toer fan mearwearde foar de stêd is as jo omheech kinne;
- Jo útsicht oer stêd, lân en waad ha;
- It mooglik in funksje by besteande of nije eveneminten ha kin;
- It in rol ha kin by edukaasje: û.o. skoalle- en oare útstapkes yn kombinaasje mei in rûnlieding troch de tsjerke;
- It publyk tagong krijt ta it âldste gebou fan Frjentsjer;
- It histoarysk besef by it publyk fergrutte wurdt;
- It earder ek al it gefal wie..

Ropt it Kolleezje op:

- It bestjoer fan de 'stichting tot behoud monumenten in de gemeente Franekeradeel' oan te setten ta it útfieren fan in helberheidsûndersyk om de trep en omgong fan de toer fan de Martinistjerke tagonklik te meitsjen foar it publiek.

En giet oer ta de oarder fan de dei...

Ut namme fan

FNP Frjentsjerteradiel

Christen Unie

D66

H. Nauta

D. Bloem-Hofman

G. Geldof